

**JUBILEUM FRYSK EN FRIJ 80 JIER**  
+  
**DE KEUNSTMJITTIGE IERDAPPEL?**  
**HISTOARYSK YNTERKULTURELE MANIFESTAASJE**  
2023-2025

# PROJEKTPLAN

## PREEAMBULE

Dit projektplan omfiemet kultuer op ferskillende terreinen: taal, toniel, skiednis. It appeleart oan in ferlet dat net needsaaklik skynt. Je gean net dea at je gjin taalbeuzichheden yn 't Frysk hawwe, likemin as je net tonielspylje yn eigen tongslach. Je libje troch sûnder kennis fan 'e histoary fan 'e wearld om je hinne. Sûnder kin, mar je wurde gelukkiger méi! De Wrâldsûnensorganisaasje (WHO) analysearde 900 ûndersiken en konkludeart offisjeel yn har rapport: it aktyf of passyf belibjen fan keunst en kultuer befoarderet de sûnens en it algeheel wolbefinen.

*What is the evidence on the role of the arts in improving health and well-being? A scoping review*, Helsinki, 11-11-2019).

Yn it rapport ûnderskiedt de WHO fiif kategoriën binnen de keunsten dy't gesondheidsfoardielen opsmite kinne, ûnder oaren

- poadiumkeunsten: muzyk, dûns, sang, teater
- byldzjende keunst
- literatuer: skriuwen, lêzen
- en dêrneist apart beneamd ûnder 'kultuer': museumbesyk/tentoanstellingen, konserten en teater.

Dit Projektplan pretindeard net dat der in earste ferlet is fan 'e omskreaune aktiviteiten. De stichting eksploiteart op 't lêst net in sportskoalle, gjin in sikehûs, lit stean in deagraverij, dêr't respektivelik grif semy-essinsjeel, essinsjeel en urgint ferlet fan is.

Dêr kin dizze stichting net tsjinop. En se beäget soks ek net, fansels.

Mar de aktiviteiten drage wêzentlik by oan in sûner kultureel klimaat. Troch de leechdrompeligens fan 'e wurkwinkels oer taal en toniel en de skiednisprojekten.

De partisipaasje hat dat al bewiisd, sjoch û.o. Wurkwinkels oer de ierdappel - Frysk

en Frij - It 100% effekt.

It projekt kin sjoen wurde as in oanfulling op eardere manifestaasjes, lykas de Bildtse Aardappelweken Home - Bildtse Aardappelweken en Potatoes Go Wild at Leeuwarden-Friesland 2018 | Friesland.nl, mei dit ferskil dat *De keunstmjittige ierdappel? 2023-2025* op 'e ûnderskate ûnderdielen in ferdjipping jout op langere termyn.

Oansetten dêrta binne bygelyks by *Potatoes go wild*

-*Potato art*: skôging fan keunsthistoarikus Huub Mous mei nije ynsichten oer de ierdappel yn 'e byldzjende keunst

-*Fisit the farm*: dûke yn agrarise argiven en dêr sels oan fuortbouwe + útstallingen datoangeande + wurkbesites oan pleatsen, benammen fia wurkwinkels by basisskoallen

-*Eating potatoes*: ûntwikkeljen fan nije ierdappelresepten yn 'e mande mei de NHL-Hotel Management + it letterlik bepriuwen dêrfan + yllustrearde publikaasjes op 'e websiden (mei trochgeande útnûgingen ta oanfullingen en ferbetteringen) en yn papieren útjefte. Itselde jildt foar it projekt

Dêroerhinne belichemet dit projekt it toverwurd FERBINING - oer alle bûgen.

No op nei in sûne fuortsetting, yn in projekt dat de riping en produksje stipet fan ier poëzy- en tonieltalint. En sawol jong as âld sicht krije lit op de betsjutting fan eigen komôf. Dat rint as in tierelier fan 9 desimber 2023 oant 1 july 2025.

Teminsten, as dat oerheidsstipe krijt. Want kultuer betellet himsels - mar al te goed. Mar net daliks, en net direkt.

## **OANLIEDING & YNLIEDING**

**De oanlieding** fan dit grut opsette projekt is twadderlei:

**I it 80-jierrich jubileum fan Frysk en Frij**, fersetsblêd, Frysk tydskrift en útjouwerij, sûnt 1943. Dit diel fan it projekt hat as titel: ***Frysk en Frij 80***.

**II it 125-jierrich jubileum fan Hannelshûs Hetteema**, it grutste partikuliere ierdappelhannelshûs fan Nederlân, offisjeel oprjochte yn 1898.

Dit projekt draait ûnder de namme: ***De keunstmjittige ierdappel? 2023-2025***.

It fraachteken wol ta tinken oansette, net ta feroardieljen fan kontroversjele stânpunten.

### **Wêrom is dit projekt ûntwikkele?**

Dit project is ûntwikkele om fan 'e skiednis te learen en yn 'e takomst mei dy kennis feardich oan 'e slach te gean yn konkrete skiedskriuwing, stimulearen fan kreatyf skriuwen en útfieren op it gebiet fan proaza, -poëzy en toniel.

### **Wat is de hjoeddeiske sitewaasje dy't feroaring beëaget?**

De stichting beëaget befoardering fan skiedskriuwing en ynspirearjend meartalich

skriuwen anneks útjaan fan literatuer yn it Frysk en dialekt.

### **Ynlieding by I *Frysk en Frij 80***

Frysk en Frij is oarspronklik in yllegaal pamflet út de Twadde Weareldoarloch dat yn 1943 fan 'e grûn komt, yn 1944 earst yn beskieden beskreaune bôgen ferskynt en op 1 oktober 1944 yn Utrecht en te Bolswert yn druk it ljocht sjocht.

It libbet nei de besetting folop en hat op syn hichtepunt mooglik 20.000 abonnees. It blêd krijt yn frijheid allegeduerigen te kampen mei jildkrapte fanwegen it lytse taalgebiet. It 'sleipt' fan 1966 oant 1972, krijt syn draai wer begjin santiger jierren, groeit, floreat as famylje- en opinyblêd, mar wurdt yn 1997 opheft – it tydskrift is dan seis jier sûnder strukturele oerheidssinten útbrocht en de redaksje kin gjin kwaliteit mear garandearre. Underwilens is ûnder deselde namme en deselde stichting de útjouwerij warber en floreat oan hjoeddedei.

Lês fierder:

[Frysk en Frij - Tydskrift - Erfgoed Fundaasje \(erfgoed-fundaasje.nl\)](http://erfgoed-fundaasje.nl)

[Frysk & Frij - Wikipedia](https://nl.wikipedia.org/wiki/Frysk_&_Frij)

### **Ynlieding by II *De keunstmjittige ierdappel? 2023-2025***

N.o.f. de oprjochting yn 1898 fan it ierdappelhandelshûs Hettema te Bitgum wurdt in histoarysk ynterkultureel projekt opset oer de skiednis fan de ierappel en it kulturele plak fan dy knol: *De keunstmjittige ierdappel? 2023-2025*.

De ierappel is noch altyd populêr yn it Europeeske deistige menu, mar dat wie net altyd sa. De Inka's yn Súd-Amearika kultivearren de knol - al yn de twadde iuw nei Kristus - en dy waard pas yn de 16e iuw nei Jeropa ymportearre. Neist dy skiednis sille wy ek de aktualiteit fan it ierdappelkweken en eksportearjen beljochtsje.

Yn teaterfoarm wurdt in manifestaasje organisearre oer de skiednis en takomst fan de ierdappelkwekerij en feredeling.

Doel is om it publyk op in ludike wize neitinke te litten oer de takomst fan 'e ierappel, mei omtinken foar duorsumens en etyske aspekten.

Sjoch:

[HISTORICAL-INTERCULTURAL MANIFESTATION ABOUT THE](#)

[POTATO 2023 - Frysk en Frij](#)

## **OANFREGGER**

**De oanfreger fan subsuydzje** is de Stichting Erfgoed Fundaasje-Frysk en Frij.

**De reguliere wurksumheden binne:** it útjaan fan skiednis, belletry, en dêrneist, sjoch 3.2 hjirûnder.

## **Karbrief, Kêst 3**

**3.1** De Stichting hat ta doel:

De Stichting is oangongen foar ûnbepaalde tiid.

a. it befoarderjen fan de Fryske kultuer en it mienskiplibben; en

b. al itjinge dat mei it foargeande ferbân hâldt, dêrta beheart of dêrta befoarderlik wêze kin, alles yn 'e romste sin fan it wurd.

**3.2** De Stichting beëaget har doel te ferwêzentlikjen troch:

- a. it opspoaren, trasearen, opslaan, ynvintarisearjen, rubrisearjen, digitalisearjen, behearen en it tagonklik stellen foar belangstellende fan erfgoed;
- b. it útjaan fan útjeften yn 'e Fryske taal en oare tongslaggen;
- c. it ferrjochtsjen fan alle fierdere hanlingen, dy't mei it foargeande ferbân hâlde of dêrta befoarderlik binne yn 'e romste sin fan it wurd; en
- d. alle oare wettige middels dy't foar it doel fan 'e Stichting befoarderlik wêze kinne.

**3.3** De Stichting hat gjin winsteachmerk.

Sjoch fierder: [www.erfgoed-fundaasje.nl](http://www.erfgoed-fundaasje.nl) - *Oer ús*.

Op 30 septimber 2021 is de Stichting Utjouwerij Frysk en Frij fuseard mei de Stichting Erfgoed Fundaasje yn de Stichting Erfgoed Fundaasje-Stichting Frysk en Frij, soks omreden fan:

-doelmjittigens op it mêd fan bestjoer en finânsjes; de stichtingen hawwe oerlappingen yn wurk en arbeiden datoangeande al op;  
-effisjinsje op personielsgebiet. Yn 'e regeling LKS (LeanKosteSubsydzjes) fan de Gemeente Ljouwert binne by de stichting minsken oan it wurk mei in beheining, dat binne saneamde plakken foar Beskerme Wurkjen en dêrneist binne Wurkûnderfiningsplakken beskikber. Yn 'e praktyk dienen dizze minsken wurksumheden foar beide stichtingen; sûnt de fúzje foar de Stichting Erfgoed Fundaasje-Stichting Frysk en Frij,

## **Wêrom lûkt dizze organisaasje dit projekt?**

De stichting fiert dit projekt út

- omdat it oanslút by de doelstelling fan 'e stichting,
- de stichting it as sadanich har taak achtet
- hja it fan grut kultureel-histoarysk belang fynt
- en omdat soks oars net fan 'e grûn komt.

## **DOEL & RESULTATEN**

**Wat wurdt mei dit projekt berikt?**

### ***I Frysk en Frij 80***

Mei it beljochtsjen fan it 80-jierrich bestean fan Frysk en Frij as kapstôk fan sjoernalistike en literêre skiednis wurdt it folgjende berikt:

a ynsicht yn de ûntwikkeling fan 'e Frysktalige sjoernalistyk oan 'e hân fan 'e beskriuwing fan 'e skiednis fan it blêd yn de *Kronyk Frysk en Frij*

mei in foarum wêrby't de folgjende aspekten oan 'e oarder komme:

>Frysk en Frij as kweekfiver foar nij sjoernalistyk talint en literêr skriuwerskip, 1943-1997;

>wat is op dat gebiet hjoeddeidei yn 'e media foarhannen?

b in rollespul oan 'e hân fan dy skiednis mei dêrby útfêrgrutte bylden fan 'e ynhâld fan 'e ûnderskate útjeften – tydskrift, magazine, romans, dichtbondels - yn it tiidrek 1943-2023.

By beide ûnderdielen is der ynteraksje mei it publyk, troch stellen fan fragen, kritise kanttekeningen en taljochting fan saakkundigen oer en wer.

## **II *De keunstmjittige ierdappel? 2023-2025***

Mei as oanlieding de oprjochting fan Hannelshûs Hetteema yn 1898 en dêrmei anneks it beljochtsjen fan 'e skiednis fan ierdappelkwekerij, de ûntwikkeling fan ierdappelteelt en -feredeling en -eksport wurdt it folgjende berikt:

a ynsicht yn 'e ûntwikkeling fan 'e ierdappelkwekerij en -ekport troch de iuwen hinne, oan 'e hân fan 'e skiedskriuwing fan ûnderskate ierdappelhannelshuzen: û.o. Braaksma, Hetteema, Zijlstra;

b ynsicht yn de foar- en neidielen fan ierdappelferedeling.

IIa en IIb wurde 9 desimber 2023 allyksa nei foaren brocht yn teaterfoarm.

### **Wêrom wurdt dit projekt útfierd?**

Kennis en ynsicht yn 'e skiednis fan I en II set oan ta tinken en kreatyf learen fan eardere positive resultaten en it omsilen fan falkûlen.

Konkreet by I:

Hoe kin yn 'e praktyk kwalitatyf hege sjoernalistyk en belletry yn it Frysk en dialekten befoardere wurde? Hjrby komt om 'e hoeke: taalpolityk, subsydzjestreamen, omgean mei minderheidstongslaggen yn offisjele domeinen.

Konkreet by II:

Hoe fiede je de weareld sûnder etyske grinzen oer te gean.

### **DOELGROEP**

#### **Foar wa wurdt dit projekt dien?**

It projekt berikt in breed publyk: skoallen, literêre en histoaryske rûnten, spesifike bedriuwen en famyljes.

#### **Publisiteitsplan**

De doelgroep wurdt berikt fia wurkwinkels, foarljochtingsbyienkomsten, eigen en oare websiden, de parse, sosjale media, links en p.r.-materiaal, lykas flyers en posters. En dêrneist by de iepening op 9 desimber 2023 fia in foarum oer Frysktalige sjoernalistyk en literatuer en in teaterfoarstelling oer ierdappelferedeling en de knol yn 'e kultuer yn 't algemien.

**Doelgebiet:** Noardwest Fryslân.

#### **Wa profiteare fan 'e resultaten?**

**N.o.f. de wurkwinkels:** de learlingen dy't har feardichheden eigen meitsje by it skriuwen fan poëzy en it spyljen fan toniel yn har eigen taal.

En dêrneist de wurkwinkels oer eigen skiednis, te begjinnen by de eigen foar- en achternammen. It resultaat is dêr optimaal omdat de learlingen altyd nijsgjirrich binne nei de achtergrûnen fan har eigen skiednis dy't by harsels begjint.

Lykas ek de learkrachten dy't dêrby kennis opdogge; en de âlden dy't soks ek ynspreireart ta mooglikheden datoangeande thús.

**N.o.f. de foarljochtingsbyienkomsten:** folwoeksenen wurde paadwiis makke oangeande har eigen famylje- en bedriuwsgiven.

**N.o.f. de websiden fan Erfgoed Fundaasje en Frysk en Frij:** dy fungere as in

podium foar nij literêr wurk en skiedskriuwing. En binne in mânske boarne ta fierder amateur en wittenskiplik ûndersyk.

## **WURKSUMHEDEN (KONKREET)**

### **I *Frysk en Frij 80***

### **II *De keunstmjittige ierdappel? 2023-2025***

#### **By I *Frysk en Frij 80***

#### **Wat wurdt dien?**

#### **I.1 Utjeften**

By útjouwerij Frysk en Frij ferskine de folgjende fiif útjeften I.1.a-e:

**I.1.a *Kronyk Frysk en Frij***, sjoch: [Frysk en Frij - Kronyk - Erfgoed Fundaasje \(erfgoed-fundaasje.nl\)](http://Frysk en Frij - Kronyk - Erfgoed Fundaasje (erfgoed-fundaasje.nl))

**I.1.b *Ferrin***, poezybondel mei as tema ûnder oaren ‘oarloch en frede’

**I.1.c *Blomlêzing***, poëzy yn ’t Frysk en dialekten

**I.1.d *Sammeldichtbondel mei as tema de ierdappel***; sjoch: [Stjoer in ierdappelfers op/Send in a potato poem - Frysk en Frij](http://Stjoer in ierdappelfers op/Send in a potato poem - Frysk en Frij)

**I.1.e *Lesbrief De ierdappel***; sjoch: [De ierdappel – lês- en lesboekje - Frysk en Frij](http://De ierdappel – lês- en lesboekje - Frysk en Frij)

#### **I.2 *Wurkwinkels/workshops***

Op basisskoallen en yn it fuortset ûnderwiis wurde workshops oanbean mei de folgjende ûnderwerpen:

-in fers skriuwe oer de ierappel;

-it meitsjen fan in tekening of skilderij;

-ferhalen oer de ierappel doe en no yn teaterfoarm, de learlingen hawwe der allegear in rol yn;

-oar histoarysk erfgoed: les oer eigen genealogyske en eventueel agraryske identiteit.

Dêrútwei wurdt de lijn lutsen nei bredere ferbannen: famylje, doarp, gemeente en úteinlik ynternasjonaal. Underwerpen dy’t oan bod komme, binne: herkomst en betsjutting eigen foar- en achternamme, herkomst famylje, eigen plak yn doarp, gemeente en úteinlik ynternasjonaal (‘rural society’); dêrmei anneks: histoaryske ferklaaiierij (ek cosplay).

Foar thúsgebrûk wurde de wurkwinkels ek oanbean.

Sjoch: [Wurkwinkels oer de ierdappel - Frysk en Frij](http://Wurkwinkels oer de ierdappel - Frysk en Frij)

#### **I.3 *Gedichten op YouTube***

Alle fersen fan bern dy’t yn ’e wurkwinkels makke binne, wurde publisearde op ’e webside fan Frysk en Frij. Dat garandearde in lange-termyn ûnderfining fan tekst en lûd.

#### **I.4 *Tentoanstellingen***

Op lokaasje binne yn ferskate hoeken fan Nederlân tentoanstellingen te besjen. De taljochtsjende teksten binne yn it Frysk, dialekten en Ingelsk.

Underwerpen dêrby binne:

-Frysk en Frij tydskrift en útjouwerij 1943 – 2023

-gedichten opnommen yn ’e *Sammeldichtbondel mei as tema de ierdappel ûntstien*

-fersen en tekeningen makke troch bern yn 'e wurkwinkels.

## **Wa docht dat?**

**I.1.a** Skriuwerskollektyf Erfgoed Fundaasje, profesjonele auteurs en sjoernalisten

**I.1.b** Albertina Soepboer, dichter en skriuwer

[Albertina Soepboer - Wikipedy \(wikipedia.org\)](#)

**I.1.c** Einredaksje: Tsead Bruinja, Dichter des Vaderlands 2019-2020; gearstaller fan *De eerste bloemlezing van de Nederlandse poëzy – 101 gedichten uit het Koninkrijk der Nederlanden van 1945 tot nu*, Querido, 2022

[Tsead Bruinja - Wikipedy \(wikipedia.org\)](#)

**I.1.d** Sjuery/karkommisje: Tsead Bruinja, Doutsen van Gosliga, Albertina Soepboer, Eelke Veltman en Ilse Vos

[Doutsen van Gosliga | LinkedIn](#)

[Eelke Veltman | LinkedIn](#)

[Ilse Vos – Dichterbij Leeuwarden](#)

**I.1.e** Goasse Brouwer

**I.2** Doutsen van Gosliga, Hein Jaap Hilarides, Ilse Vos en mooglik Eelke Veltman

[Hein Jaap Hilarides - Wikipedy \(wikipedia.org\)](#)

**I.3** Doutsen van Gosliga en Ilse Vos

**I.4** Erfgoed Fundaasje.

## **By II *De keunstmjittige ierdappel? 2023-2025***

### **II.1 Muzyk**

**II.1.a** *Lofbaarnen*, fers fan Douwe Tamminga op muzyk set troch Hein Jaap Hilarides

**II.1.b** lieten fan Heinrich Heine oer 'wrok', yn oersetting fan Fedde Schurer, nij wurk

**II.1.c** See- en wetterlyryk, poëzy fan Albertina Soepboer

**II.1.d** *De befrijde ierdappel*, in nije ballade.

### **II.2 Byldzjende keunst**

**II.2.a** Skôging

**II.2.b** Byldpresintaasje.

### **II.3 Foarumteater en Teaterfoarum**

–Oer: Poadia foar Frysktalige sjoernalistyk en literatuer, doe en no.

– De keunstmjittige ierdappel? De ierdappel yn ús foarige libbens, as feredelaar, as byldzjende keunst, as muzyk yn 'e earen en as stof ta neitinken.

Wikselswurking tusken saakkundigen en publyk, troch beärbidzjen fan spanningsfjilden en krúsbestowing. Kritise kanttekeningen yn freonlike noaten.

Gespreklieder: Eelke Veltman, antropolooch.

### **II.4 Ierdappel-iten**

Ferskillende – nije! - ierdappelgerjochten wurde yntrodusearre en de resepten beskreaun. Dit wurdt ûntwikkele yn 'e mande mei NHL-Hotel management.

## II.5 Tientoanstellingen

Op lokaasje binne yn ferskate hoeken fan Nederlân tentoanstellingen te besjen. De taljochtsjende teksten binne yn it Frysk, dialekten en Ingelsk.

Underwerpen dêrby binne:

-skiednis en ûntwikkeling ierdappelkweken- en eksport; de haadtientoanstelling is yn 'e midsiuske kelders fan it Stedhûs te Frjentsjer en wurdt iepene troch

kultuerwethâlder Jan Dykstra fan 'e Gemeente Waadhoeke;

-ierdappelfersen en -tekeningen + oar byldzjend wurk oer de ierdappel;

-tinkleppels, tabakdoazen en lytsguod (gjin sieraden) taljochte en yn sosjale kontekst pleatst;

-kolleksjes fan boeretekstyl.

As foarbylden fan agraryske ûntwikkelingen op it gebiet fan lânbou wurdt ûndersyk presintearre yn genealogiën, kroniken en bedriuwbeskriuwingen.

By presintaasjes fan ûnderskate tentoanstellings binne de Ljouwerter en Dokkumer skotsploech presint; dy dûnsje net allinne, mar jouwe ek útlis oangeande Fryske klaaiing: libbene fitrines.

Histoaryske rûnliedings foar âld en jong wurde opset by monimintale plakken en steeën lâns.

## II.6 Foarljochting

Wiidweidich wurdt foarljochting jûn oer literêr en histoarysk erfgoed yn breder ferbân as allinne de ierdappel. Dêrby wurdt wiisd op it belang fan 'e lju har eigen histoarysk erfgoed, al is it - 'mar' - in âlde akte, brief of foto. Dat erfgoed wurdt pleatst yn in skiedkundige kontekst, sadat in breed publyk him bewust wurdt dat har eigen guod de muoite wurdich is en sadat dy soks sjogge yn histoarysk perspektyf.

Konkrete foarbylden hjirby: de foarljochting oangeande ferneamen fan foarnammen en it beskriuwen fan 'e famyljehistoary by geboartepleppels hawwe it folgjende effekt: yn 'e praktyk wurdt dat ferneamen befoardere en it jaan fan tinkleppels allyksa.

De foarljochting hat plak op kantoar Erfgoed Fundaasje en by de minsken thús tagelyk mei ynterviews mei 'erfaringsdeskundigen'.

Nei dy foarljochting folget it trasearen, it ynventarisearen en beskriuwen fan agrarysk erfgoed, benammen ikkerbou. It selektarre materiaal wurdt pleatst - mei tastimming - op internet, sadat it foar in breed publyk tagonklik bliuwt.

It skonken erfgoed komt yn soerfrije doazen by de Gemeente Waadhoeke, sadat alles foar de takomst feilich steld is en tagonklik foar tentoanstellings en ûndersyk.

Yn it kontakt dat Erfgoed Fundaasje-Frysk en Frij hat mei famyljes, docht bliken dat in soad lju har net bewust binne fan har eigen histoarysk erfgoed op gâns fakgebiet, bygelyks agrarysk sulver en tekstyl. Der is in grut ferlet fan foarljochting



dat oangeande. Erfgoed Fundaasje foarsjocht dêryn mei dit projekt. It ferlet is oantoanber troch de grutte belangstelling fan sawol partikulieren as bedriuwen yn dit wurkgebiet as ynstellingen. Dat sjogge wy yn 'e respons op ús webside en op 'e oanfragen dy't wy krije fan de famyljes om har erfgoed te beskriuwen.

Benammen âlderen binne mei dizze mateary anneks en binne foar it earst as sadanich belutsen as ynformant, skinker en algemien partisipant by de útfiering en de fuortsetting fan it geheel yn 'e neibije takomst. De lju wurde opsocht thús dêr't har argiven ter plekke binne en dêr wurdt konkreet besjoen, útsocht en selektearre wat foar hannen is. Dêrby wurde ôfspraken makke oer hoe no fierder mei har erfgoed. Dat kin wêze tusken fuortsmite en argiveare, dêr't sy by dat lêste as it even kin oanset wurde ta in aktive rol.

'Nije' media soargje foar bekendheid fan 'e oanbelangjende ûnderwerpen op internet en sosjale media. Dêrtroch wurdt in berop dien op kreativiteit en belutsenens.

Wat de kontinuïteit oanbelanget: it projekt is ynbêde yn it kultuer-histoarysk ramt fan 'e Stichting Erfgoed Fundaasje-Frysk en Frij op in termyn fan mear as tsien jier mei de dêrby hearrende saakkundigens. Erfgoed Fundaasje fersoarget yn dit projekt in fuortsetting op it gebiet fan ynventarisearjen, beskriuwen, argivearjen en foarljochting fan agrarysk erfgoed dêr't de neidruk op leit. Dit wurdt útfierd sadat de útstrieling en kennis ek nei de twa jier fan it projekt posityf útwurket. Ynnovatyf en spesifyk foar de regio binne de kearnûnderdielen. De befoardering fan diversiteit wurdt bewurke troch in brede oanpak fan ûndersyk op agrarysk gebiet, yn oparbeidzjen mei oare saakkundige ynstânsjes en ynstellingen. Dêrby ûntsteane adekwate krúsbewings (cross-overs).

## **Wa docht dat?**

Bûten profesjonele krachten wurkje oan dit projekt sa'n tweintich – foar it grutste part ûnbesoldige - frijwilligers mei op it gebiet fan bestjoer, organisaasje, administraasje, iterij, betsjinning, logistyk.

### **II.1 Muzyk**

**II.1.a** Hein Jaap Hilarides

**II.1.b** Rixt van der Kooij, komponist, nij wurk.

[Rixt van der Kooij | Home | Rixt van der Kooij](#)

[Ympresjes fan Literêr te gast - Frysk en Frij](#)

**II.1.c** deselde

**II.1.d** Piter Wilkens, tekst en muzyk

[Piter Wilkens - Wikipedy \(wikipedia.org\)](#)

### **II.2.Byldzjende keunst**

**II.2.a en b:** Huub Mous, keunsthistorikus en -kritikus.

[huubmous.nl » Over mijzelf](#)

### II.3 Foarumteater en Teaterfoarum

Gespreklieder: Eelke Veltman, antropolooch.

Foarumleden, ûnder oaren: Doutzen van Gosliga, Tialda Hoogeveen, Huub Mous, Ilse Vos.

### II.4 Ierdappel-iten

Peter Dantuma c.s., Noardelijke Hogeschool Leeuwarden, Stenden Hospitality Group In Stock, Senior Practical Facilitator Kitchen Hotel *Wannee*.

[Peter Dantuma | LinkedIn](#)

### II.5 Tientoanstellingen

Erfgoed Fundaasje.

### II.6 Foarljochting

Stichting Erfgoed Fundaasje-Frysk en Frij.

# OANSLUTING BY KRITEARIA FAN IT IEPEN MIENSKIPS FÛNS

## DRAACHFLAK

### Wêrút docht út bliken dat der ferlet is fan dit projekt?

Ferlet fan dit projekt bestiet út it feit dat op it gebiet sjoernalistyk yn it Frysk en dialekt noch heel wat te winnen is. It buorket sels achterút yn 'e skreaune sawol as de sprutsen media. Itselde jildt foar de literatuer.

Leare út it ferline en nije wegen ûndersykje helpe om de kultuer nije ympulsen te jaan. Libbene foarbylden dêrfan binne de wurkwinkels op basisskoallen dêr't nije foarmen oangeande poëzy, toniel en skiednis troch fêstruostke patroanen hinnebrekke.

Konkreet hâldt dit ferlet yn dat troch in foarumdiskusje op 9 desimber oer Frysktalige sjoernalistyk lju oanset wurde om dêr mei oan 'e slach te gean.

By de wurkwinkels it ferlet fuort út it feit dat sokke wurkwinkels yn it Frysk en dialekten bûten de Stichting Erfgoed Fundaasje-Frysk en Frij noch net jûn wurde. Yn St.-Anne bygelyks wie it foar it earst dat bern ûnderrjocht krigen yn Frysk en Bildts oangeande poëzy en toniel.

Dêrneist: it mjitten fan kultureel ferlet is dreech, mar libbet troch alle lagen fan 'e befolking hinne. De stichting merkby't dat oan de trochgeande stream fan reaksjes op har websiden.

### Wa stipet dit projekt?

De ferskillende ûnderdielen krije yn 'e praktyk stipe fan skoallearlingen, learkrachten en âlden. De wurkwinkels slaan oan by dy kategoriën.

Wat ynsichten oanbelanget oangeande ferskate komponinten op it gebiet fan lânbouskiednis en bygelyks ierdappelferedeling yn 'e praktyk komme bydragen foar de webside fan Erfgoed Fundaasje binnen op dat gebiet. Sjoch de ûnderskate beskriuwingen fan bedriuwen en famyljeskiednissen.

Benammen partikuliere fûnsen binne in ûnmisbere stipe foar de trochgong en fuortgong fan dit projekt.

## GEARWURKING

### Wa binne belutsen by dit projekt, wêr docht dat út bliken?

Hjirûnder yn alfabetyske folchoarder partisipanten en dêrachter har bydrage yn 'e praktyk:

- Centrum voor Groninger Taal & Cultuur: stipe kontakt mei achterban en oprop poëzyprojekt
  - Dialectkring Achterhoek en Liemers: stipe poëzy yn it Geldersk dialekt
  - Historisch Centrum Waadhoeke (partisipanten: Historisch Centrum Franeker, Bildts Aigene, Erfgoed Fundaasje): stipe tentoanstellingen
  - De Moespot: stipe Gelderske poëzy
  - NHL Stenden, ôfdielingen Hotel Management School: stipe kulinêr part, nije ierdappelresepten
  - NHL Stenden, ôfdieling Meartaligens & Geletterdheid-Ynspirearjend Meartalich Underwiis (IMO): stipe berjochtjouwing nei skoallen
  - Provinsje Fryslân: stipe fia IMF
  - Salland OostVeluwe; stipe dialekt Salland
  - Stellingwarver Schrieversronte: stipe poëzyprojekt
  - Taalplan Frysk 2030 (partisipanten ûnder oaren: Afûk, Cedin, NHL Stenden): stipe Wurkwinkels
  - Vrienden van de streektaal, Lochem: stipe poëzy Geldersk dialekt
  - Gemeente Waadhoeke: finansjele stipe en bygelyks beskikber stellen fan 'e midsiuske kelder yn it Stedhûs en rûnliedingen en presintaasjes dêr
  - Wageningen University & Research: stipe ûndersyk ierdappelferedeling en presintaasje mei statistiken en kaartemateriaal.
- Dêroerhinne soargje frijwilligers en leken út de praktyk foar in grutte ynstek by ûndersyk, in stream fan materiaal.





WAGENINGEN  
UNIVERSITY & RESEARCH



FRYSK en FRIJ  
UTJOUWERIJ



Salland OostVeluwe

TRYATER

## KONTINUÏTEIT

**Op hokke wize wurdt derfoar soarge dat it projekt of de resultaten dêrfan waarboarge wurde?**

De Stichting Erfgoed Fundaasje-Frysk en Frij soarget derfoar dat de aktiviteiten yn it projekt goed organisearde en adekwaat har beslach krije.

**Hoe binne eigendom, behear, ûnderhâld en eksploitaasje regele?**

Deselde stichting soarget foar de boppeneamde komponinten.

**Hoe wurdt de ynsette beweging of gearwurking trochset?**

It doel is dat de stichting nei dit projekt yn 'e mande mei ûnderskate partisipanten trochset mei wurkwinkels, poëzyprojekten, sjoernalistyk skiednisûndersyk, tentoanstellingen en foarljochting, koartsein alle neamde komponinten dy't neffens de doelstelling yn 'e beneaming komme. Dêrby wurde per projekt hyltyd ad hoc sybsydzjes oanfrege by partikuliere fûnsen.

## EMPOWERMENT

**Leveret dit projekt in positive bydrage oan minsken yn in minder kânsrike posysje? Sa al, hokke doelgroepen en op watfoar wize?**

Ja, op it gebiet fan taal is de drompel by Utjouwerij Frysk en Frij foar in breed publyk leech: lju komme maklik mei har skriftlik wurk binnen en krije dêrta begelieding.

De wurkwinkels foarsjogge yn it ferlet fan kreatyf te wurden op it gebiet fan poëzy en toniel yn eigen taal en tongslach. Op it mêd fan skiednis komt, lykas sein, de eigen histoary binnen.

Op it gebiet fan argivearing - in begjin fan ynsicht yn eigen komôf – is de stichting unyk wat it konservearen en kennis nimmen dêrfan oangiet.

De Stichting Erfgoed Fundaasje-Frysk en Frij ûntgint wite plakken op 'e kaart; folwoeksenen en jongeren krije kânsen dêr't dy erges oars net oanbean wurde.

Troch de leechdrompeligens wurde spesifyk kwetsbere doelgroepen benadere en dy fiele har oansprutsen. By foarljochting en argyfûndersyk jildt dat bygelyks foar âlderen dy't oars net oan soks takomme kinne. De stichting komt by dy doelgroep oan hûs.

By jongeren jildt dat de meast kwetsberens dêr yn 'e reguliere praktyk net betsjinne wurde kinne troch gebrek oan tiid en jild. De stichting foarsjocht yn dat ferlet fia

ûnder oaren de wurkwinkels.

In opstekker is dêrby dat alle teksten tentoansteld wurde, dus net allinne de 'beste'. en dat alle learlingen in rol krije dy't spesifyk op har skreaun is.

## **EKOLOGY**

**Leveret dit projekt in positive bydrage oan natuer, miljeu en/op lânskip, sa al, op hokke manier?**

Dit projekt hat as hantwurksmiddel en as ambacht taal en skiednis, kultuer yn bredere sin. Duorsumens is dêrby ynherint. Dat rekket fansels natuerlike omgong mei de mateary.

Konkreet hâldt soks bygekyks by lânbouskiednis yn: omtinken foar lânskip, trou bewarjen fan hûs en hear en gedachtegoed.

## **TAAL**

**Leveret dit projekt in positive bydrage oan 'e sichtberens fan 'e Fryske taal of streektaal en sa al, op hokke manier?**

De taal fan dit projekt is oer alle bûgen Frysk of dialekt - konsekwint, sawol yn skiedskriuwing, it literêre, as administraasje en kommunikaasje.

Foar de tagonklikens wurde meast Ingelse oersettingen beskikber steld.

## **IEPENING**

De manifestaasje wurdt iepene troch de Kommissaris fan 'e Kening drs Arno A.M. Brok.

De iepening fan 'e wurkwinkels en tentoanstellingen wurdt ferrjochte troch Jan Dykstra, kultuerwethâlder Gemeente Waadhoeke.

Start: 9 desimber 2023 yn it Stedhûs te Frjentsjer, Riedhúsplein 1.